



Lyts Frisia

tydskrift foar fryske striid en literatuer

JIERGONG LV nûmer 4

septimber 2006

ISSN 0166-6029

YN 'E TRANT FAN OBE POSTMA

*Wol bin ik âld wurden.
En as ik 't paad nei 't ferline oereagje:
Wat wie ik bliid, wat wie ik striidber,
Wat lei my Fryslân nei oan 't hert,
O, Kneppelfreed!*

*Doe haw ik Fryslân ferlitten,
Ik learde de bern yn Drinte de moaiens
fan Hooft, Bloem en Marsman.
Ik ferdjippe my yn Dútse en Ingelse literatuer
En Fryslân is my ûntkomd.
Ik miende, ik wie in wrâldboarger.*

*En no ik âld bin...
"... en nu mijn onbevreesd erkennen mij verwijst
naar de verdorden..." *)*

Och man, eamelje net sa.

Geecke Sybesma

Samlers: Jan Jongsma, Anneke Jousma en Bertus Postma. Opmaak en technyske fersoarging: Piter Dykstra. Redaksje-adres: Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum (Tel. 0511-463869). Lidmaatskip Jongfryske Mienskip ynkl. LYTS FRISIA: € 7,50. Lêsjild LYTS FRISIA: €5,00. Giro 1069535 op namme fan: Skathâlder fan de Jongfryske Mienskip, Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV BURGUM.

Bitgummole, 10 juny 2006

Heechachte Haadofsier,

As andert op jins skriuwen fan 19 juny, skaaimerik 1100-3540-06, it neikommende: Myn briefke fan 31 maaie - net fan 3 maaie - wie ornearre foar jins foargonger mr. Den Hollander en ek oan him adressearre.¹ Ik meitsje út jins brief op, dat er syn wurk doe al yn De Haach hie. Yn jins plak soe ik him de post neistjoerd hawwe, mar sa is it lykwols net gien. Jo hawwe it slûfke iepen makke, dat ik yn jins plak net dien hawwe soe. En jo hawwe it briefke, dat net foar jo skreaun wie, lêzen, dat ik yn jins plak net dien hawwe soe. It is net allegearre comme il faut, tinkt my. Mar it bern is der no ienkear en it moat ret wurde: as jo my it nije adres fan jins foargonger jaan wolle, sil ik him myn skriuwen sels tastjoere.

In oare saak is dy fan de taal dêr't jins Iepenbier Ministearje ús yn ferklaget (en it Rjocht ús yn berjochtet): dy taal is uzes net. Wy krije hjir in magistratuer taskikt dy't wol leart om ús sa'n bytsje te ferstean, mar mear as dat ek al net en fan neisten net fan herten. De taal te praten 'dêr't de Skepper fan alle dingen ús folk yn prate lit'², achtet it Saailân 'dan weer overdreven', jins foargonger teminsten.

Nei fjouwer ieuwen fan taalrepressy³ is ús folk deawurch en skjin ynein. Dêrtroch bûcht it yn de rjochtseale net allinnich foar it rjocht, mar ek foar it Hollânsk. En amper in ofsier (en amper in rjochter) fielt ús fernedering.⁴ Der wurdt sa goed as gjin Frysk yn 'e rjochtseale praat. Mar in ofsier soe in ferklage der op wize kinne, dat soks echt wol mooglik is: 'Hokker taal wolle jo brûke?'⁵

By rykswet fan desimber 2004 binne Friezinnen en Friezen de nasjonale minderheid, en sadwaande binne de oaren yn Nederlân de nasjonale mearheid en ek net mear as dat. Sa't wy oare kant de Sudersee Hollânsk prate, sa heart in Hollânske ofsier (of rjochter) hjirre de taal fan de nasjonale minderheid te praten. It folk yn Fryslân 'moat him frij fiele om it Frysk as taal te brûken'.⁶ Der sille lykwols net folle fan ús wêze dy't har frij fiele yn it har benearjende en ûntmoedigjende taalklimaat fan de rjochtseale.

Jo soene mei al jins ofsieren en amtners wol nei de Afûk ta meie te taallearen - ferstean, lêzen, praten en skriuwen - as teken fan achtinge foar ús taalmienskip, al binne it almeast de sûnders dêrfan, dy't jo en jins ofsieren yn it deistige wurk treffe. Om jo en har op 'e glead te helpen, lien ik jo it boekje 'Wolters' Fries in je pocket', dat wol myn eigendom bliuwt. Dat taallearen oangeande, wiis ik jo noch op 'e taalhâlding

¹LYTS FRISIA, jiergong LV nûmer 3, septimber 2006.

²J.Tj. Piebenga, 'Aarden vaten', side 37, Ljouwerter Krante 1966.

³Frou mr. C.M.T. Eradus, 'Ut 'e Smidte' 35, april 2001.

⁴Ref. 2.

⁵Mr. O.F. Brouwer, 'De Pompeblêden' 77, side 26 (2006).

⁶Deputearre Steaten, 'Frysk yn Fryslân: better sichtber, mear fertroud', juny 2006, side 7.

fan Hollânske amtner yn it eardere East-Ynje.⁷ 'De amtner is der foar it folk, en net oarsom'.⁷ Dy útspraak jildt, tinkt my, ek foar ofsier (en rjochter) te uzes.

Oars, mei Bitgummoolster achtinge.

By de lêste rigels fan it briefke: neffens Gerretson learden foarhinne de amtner fan it Boargerlik Bestjoer yn Nederlânsk-Ynje har fansels Maleisysk oan, mar ek - dêr't it needsaaklik wie - wol mear as tsien oare, hiel wat slimmere, talen as it Frysk. En dat diene sokken om de folken fan Yndoneezje te tsjinjen. As frou Van Bronsvort en har ofsieren en har amtner har net fan dy bestjoersamtner pyksette litte soene, dan stiene se yn septimber by de Afûk op 'e stoepe.

Mr. Van Bronsvort skreau fuort werom. Alhoewol't se hjir noch mar krekt wie, wist se al fan ús taal. De haadofsier wist, better as it Menamer b. en w.-kolleezje, hoe't it hjir heart: Frysk brief - Frysk andert. By myn ynspraak yn de Menamer riedskommisje fan 20 july haw ik har folgjend taalgedrach neamd. 'En de leden fan it kolleezje? Hoe lang wenje dy hjir al?' De oanlieding ta dy ynspraak wie har Hollânske rou-advertinsje neidat se in Frysktalich deaberojocht krigen hiene fan in Menamer brânwachter.

'Dit is Amearika, praat Ingelsk', stiet op in buordsje by in kroketkream yn Philadelphia. En 'Ingelsk is de nasjonale taal' sizze de Republikeinen yn de senaat. (LC 8 july 2006, Sneon en Snein, side 5) Wa seit hjirre: 'Dit is Fryslân, praat Frysk, Frysk is de nasjonale taal'? Auwerk? Bewegingsrie? Frysk-nasjonaal? KFS? It soe klearrichheid jaan oan Saailân en Holstmarwei (de nije haadkommissaris).

J. Jongsma:

KOART BOEKENIJS (13)

☆ Op 15 oktober waard yn de Boalserter Martiny-tsjerke de bondel 'Tuskentiden' presintearre. It is de Fryske oersetting fan it yn 2005 ferskynde lieteboek 'Tussentijds'. De oersetting is it wurk fan sân Fryske dichters. Bysûnder oan 'Tuskentiden' is, dat der 32 lieten mear yn steane as yn de Hollânsktalige útjefte. It giet om orizjinele Fryske tsjerkelieten en in tal resinte oersettings fan bûtenlânske lieten. De bondel is in oanfolging op it 'Lieteboek foar de Tsjerken'. It is in útjefte fan de útjouwerijen Kok

⁷Dr. C. Gerretson, 'Doch rjocht!', rede útsprutsen yn de Earste Keamer op 16 april 1952, siden 8 en 9 - oan dit brief taheakke.

en Boekencentrum ûnder ferantwurdlikheid fan de Yntertsjerklike Kommissje foar de Fryske Earetsjint (YKFE) en de Interkerkelijke Stichting voor het Kerklied (ISK).

☆ Yn oktober kaam by útjouwerij Bornmeer in boek oer de fuotballer Abe Lenstra út mei as titel 'Abe, in byld fan in spiler'. It is skreaun troch Eppie Dam.



☆ By de Afûk/Utjouwerij Fryslân ferskynde fan 'e hjerst de roman 'Stille tochten' fan Bouke van der Hem (1946). De reade tried yn it ferhaal is de histoaryske moard fan Ijje Wykstra op fjouwer plysjemannen. It is yn frij koarte tiid de tredde roman fan Van der Hem. Yn 2002 ferskynde syn ferhaleroman 'Sloppe Opels' en yn 2005 de sosjaal-psychologyske roman 'It poadiumbeest'.

☆ De Fryske Akademy brocht ein novimber it earste fan twa twatalige dielen út yn de rige 'Historische plattegronden van Nederlandse steden'. De titel is 'De Elf Steden van Friesland/De Alve Stêden fan Fryslân'. Yn dit diel giet it om de histoaryske en romtlike ûntjouwing fan de stêden Dokkum, Harns, Hylpen, Starum en Warkum. De oare seis stêden komme yn it letter te ferskinen twadde diel oan bar. It is in útjefte yn 'e mande mei de 'Stichting Historische Plattegronden' yn Lisse en de útjouwerij Canaletto yn Alphen aan den Rijn. Sân auteurs leveren in bydrage: Gosse Blom, Ihno Dragt, Bernard van Haersma Buma, Peter Karstkarel, Pieter de Rijke, Meindert Schroor en Jacob van der Vaart.

☆ Lida Dykstra fan De Knipe timmeret as berneboekeskriuwster de lêste jierren goed oan 'e wei. Begjin novimber brocht útjouwerij Bornmeer it troch har skreaune printeboek 'Skattich' mei yllustraasjes fan Marije Tolman út. It is in bysûndere útjefte, dy't net allinne yn it Frysk ferskynt. De kommende tiid wurdt it boekje yn mar leafst acht oare talen útbrocht: Hollânsk, Dútsk, Frânsk, Italjaansk, Gryksk, Sweedsk, in Ingelske oersetting foar de Feriene Steaten en in Portugeeske foar Brazilië.



☆ **U**tjouwerij Venus bringt dizze moanne 'Hoe binne de helten fallen?' fan Trinus Riemersma op 'e merk. Riemersma neamt it in reboeljeboek nei oanlieding fan it krityske stik dat Bauke de Jong yn 1965 skreau yn it tydskrift 'Asyl'. De Jong liet yn dat stik net folle hiel fan it troch oaren wol wurdearre wurk fan Eeltsje Boates Folkertsma.

☆ **B**y de Friese Pers Boekerij ferskynde fan 'e hjerst de bondel 'Ut 'e foarein'. It is in seleksje út de troch Simy Sevenster skreaune rige ferhalen mei deselde titel yn it 'Friesch Landbouwblad'.



DE HAGEDOARN

*En elke maitiid
Dat feest fan wite flammen
Mids grien strewelleguod*

*En elk jier wer
Dy libbenskrêft
Dit âld ûnthjit
Ik wit it wer:
Dit duorret ivich*

*En elk jier wer
Dat âld gefoel
Hoefoll' maitiden meitsje ik noch mei?*

Geecke Sybesma

Mei yngong fan dit nûmer skriuwt ús nije lid Rommert Tjeerdsma fan Marrum alle kearen in soarte fan ferfolchferhaal. It fêste tema yn de ferhalen is kafee 'Rom Sicht', dêr't fjouwer manlju ien kear yn 'e moanne byelkoar komme om kommentaar te jaan op aktuele Fryske en oare saken. Hjir folget de earste ôflevering.

KAFEE 'ROM SICHT'

Eltse lêste freedtejûn fan 'e moanne giet Fetse Friesema nei kafee 'Rom Sicht' om mei de maten Geart Gelyk, Minne Modern en Watse Wetich de tastân yn 'e wrâld yn it algemien en yn Fryslân yn 't bysûnder troch te nimmen.

Rommert Tjeerdsma

"Jou my earst mar in bearenburchje," sei Fetse by 't ynkommen tsjin Boate de kastlein, "ik bin oan 'e bonken ta ferklomme en it wetter rint my ta de boksen út."

De fêste maten hiene al in plakje oan de stamtafel fûn. Fetse joech him dêr ek del, nei't er earst it oansittend laach de tiid fan de dei sein hie.

"Eigen skuld, dikke bult," gnyske Minne, "dan moatst ek mar in auto keapje, dan bliuwst teminsten droech. Mar ja, te deun om in pear sinten út te jaan fansels, noch altyd op dy âld rykrak fan in fyts omkroadzje."

"Ik haw gjin jild foar in auto," ferklearre Fetse, wylst de romer foar him del set waard, "do nammers ék net."

"Kin bêst wêze," lake Minne, "mar ik haw ál ien, mei alles der op en der oan, airco, dvd-spiler mei acht lûdsprekkers, ynboude tillefoan en ek noch in tom-tom. En al stiet de sinne heech oan 'e loft, ik haw altyd alle lampen oan, sadat ik opfal en de minsken sjen kinne dat ik yn in knappe wein

rydt."

"Ja, mar datst dêrtroch oan 'e harses en earen ta yn 'e skuld sitst sjogge de minsken net," reagearre Fetse, wylst er de romer nei de mûle brocht.

"Wat soe 't wêze," Minne bestelde noch in miksdrankje, "do bist âlderwetsk. Ik krige fan 'e wike noch in grut plakaat fan 'e bank, ik koe noch wol folle mear liene as ik dat woe, stie der yn. Alhiel gjin probleem."

"Tom-tom, wie dat eartiids net in neger dy't yn in hut wenne?" mong Geart him yn 't petear, dêr stiet my al wat fan by." "Nee, dát wie om-tom," batste Watse der fuortdaliks oerhinne, mei in tear yn 'e noas.

"Ja, dó witst it fansels wer better," Geart seach wakkere sneu, "mar ik bin der wis fan dat it tom-tom wie!"

"Hearen, kaam Fetse der tusken, "it kin ús gjin duvel skele, oft it no tom-tom is of oarsom. Der binne wichtiger dingen yn it libben. Wat tinkt jimme fan it berjocht dat okkerdeis yn 'e kranten stie, dat wy yn Fryslân mar

in pear prosinten krije fan 'e opbringst fan it gas dat hjir ûnder de grûn wei oppompt wurdt..."

"No, ik bin bliid dat dát no ris oan-toand is," reagearre Geart, "ik haw it nammers al sein, mar jimme woene my mar kwealik leauwe. No stiet it teminsten swart op wyt." Nei dat sizzen line er foldien efteroer en slikke oan it leppeltsje mei sûker dat Boate altyd yn syn romer mei jonge jenever die.

"Ik fyn it in grut skandaal!" baarnde Watse der yn, "wy as Friezen moatte yn Den Haach op 'e knibbels om te freegjen oft wy asjebleaf in pear prosinten fan ús eigen jild hawwe meie, jild dat se ús earst ûntnadere hawwe!"

Fetse liet dit sizzen in amerij yn him omgean. Doe sei er: "It is ús eigen skuld."

"Eigen skuld?" Hoe komst dêrby?" frege Geart ferheard.

"Omdat," antwurde Fetse, "wy in slap en lamliddich folk binne. Der wurdt oer ús hinne wâde en wy dogge krekt as fernimme wy it net. De Hollanners spylje moai waar fan ús jild en wy fine dat gewoan. In folk dat him mei de eagen iepen bestelle lit, fertsjin-net net better."

"No, dat liicht der net om," sei Minne, wylst er oan it safolste miks-

drankje begûn. "Tink der mar om, dit is net polityk korrekt, dit wolle de hearen net hearre. Doe't eartiids de FNP oprjochte waard, wiene der ek al Hollanners dy't it Fryske folk mei 'wortel en tak' útroegje woenen, do witst hoe't it Pim Fortuyn fergien is. Bûtendat binne jim wer ôfgryslík âlderwetsk, Fryslân is mar in stipke op 'e kaart fan Europa. Jo moatte it grut sjen, aanst binne wy allegearre gelyk, elkenien praat Ingelsk en de grutte 'internationals' meitsje de tsjinst út, dat dogge se nammers nó ek al."

"Dêr bin ik krekt sa fjoerbenaud foar," antwurde Fetse, "Friezen dy't it folkseigene ferlieze, dy't harren sprake fertutearzje litte en opgean yn 'e grutte kliber fan massa-minskes sûnder siel."

"Dêr hast alhiel gelyk oan," sei Geart. It wie him oan te sjen dat er him der ta sette moast om soks te sizzen, want der wie gewoanwei mar ien dy't altyd gelyk hie en dat wie Geart sels.

"De heechste tiid hearen," kaam Boate der tusken, "noch ien konsumpsje en dan slút ik de saak."

"No," rôp Watse, "wy hawwe it der wer eefkes oer hân, it hat my poerbêst smakke en mei fjouwer wike prate wy wer fierder. No proast!" en hy dronk yn ien swolch it gleske leech.

Greet tsjin Govert: "Wês mar net bang, wa't in boargemaster oprommet, fertsjinnet respekt."

- Sytse de Vries: 'De boargemaster', side 128.

B.J. Postma:

NET OPROMME, WOL OP IT HARSPIT

De 7-de fan maart feroaren de ferkiezings de machtsferhâldings yn ús riedseale alhiel. De fjouwermansfraksje fan GBM, 12 jier oan 'e macht en tolve jier dy macht brûkt, rekke fan syn leden de helte kwynt en fan syn macht mear as de helte. Mei de PvdA gie it krekt oarsom, fan 2 nei 4 riedsleden. Dat nei gâns harsenskrabberij krige, as lêste fan alle 31, ús gemeentehûs op 1 juny syn nij kolleezje fan 4 froulju.

Yn it lêst fan maaimoanne ferstoar in Menamer brânwacht. It eigentalige deaberjocht stie de 27-ste yn de Ljouwerter. Dêr hiene b. en w. hár advertinsje ek yn: "met grote verslagenheid hebben wij (...)". En dat foege it op 1 juny ôfgiene kolleezje net. Wurk foar Frysk-nasjonaal hie 'k tocht. Mar de FNP hold him ûnnoazel, dy liet it stil gewurde. It like de Friezen fan Menameradiel sa folle as fleanen om by b. en de 3 w.'s te protestearjen, dy't de oanspraaklikens foar hâlden en dragen fan it âlde bestjoer oerkrigen hiene.

Ut in briefke fan 2 juny oan de 'tige achtbere Boargemaster en rju achtbere Wethâlders': "Jim taal hie past yn in njoggentjinde ieusk belied fan 'keren dat Friesch', mar hy paste net yn en striek net mei it belied, dat hokkerjiers fan de rie fêststeld wie. It kolleezje lokke dêr in stikje taalstriid mei út (...). It âlde kolleezje hat him misgien. It nije is dêr oanspraaklik foar, al meie de wethâldsters dêrby betinke, dat ien en oar har net persoanlik oanrekkene wurdt."

B. en w. hiene op 4 july har andert klear: "(...) De gemeente Menameradiel hat op it mêd fan (rou)advertinsjes gjin foarkarsbelied. Us amtners hawwe by it opstellen fan

advertinsjes de kar om dat yn it Frysk of yn it Nederlânsk te dwaan." Ik woe de politike maten yn de rie mar net wer oan om by it bestjoer ferwar te dwaan.

Op 20 july yn de gearkomste fan de riedskommisje as ynsprekker: "21 febrewaris 1991 ferstoar Douwe de Boer, in earsten Fries en sterkste wethâlder yn Dokkum. It kolleezje skreau in Hollânske rou-advertinsje en dat haw ik b. en w. ferwiten. Se hiene in stikje taalstriid útlokke. Foar de advertinsje hiene se de 'taal fan de lytse ûnderdrukking' (dr. Jeh. Fryswyk syn beneaming, BJP) brûkt. Mr. Sybesma wie poer: de advertinsje wie har 'rjocht út it herte grepen'. Wa't dat leaut, wurdt sillich.

Koartby is hjir ek ien weikommen te reitsjen. Mear as 30 advertinsjes, mear as 20 yn de taal fan de ferstoarne, fan frou en bern, fan sibben en famylje, fan tsjerkerie, fan Marsumer en Menamer brânwachten, fan stifting Doarpsfeest en fanfare, ensfh. B. en w. kamen mei in Hollânske advertinsje oansetten yn de krante fan 27 maaie.

Wylst de kiste noch op 'e deadebier stie en it grêf noch iepen lei, de frou en de bern amper besef fan it ûndraachlike hiene en alle leed en pine heal ferdôve ûndergiene, lokke in

ûnmeilydsum kolleezje in stikje taalstriid út. Ik haw b. en w. dêroer skreaun. Krapoan 14 dagen lyn kaam it andert: gjin sprake fan in 'nostra maxima culpa', gjin besef fan it ûnfatsoenlike fan har advertinsjetaal en fan de fernedering fan safolle minsken, It kolleezje hat efkes tocht oan it sútrige taalplan fan desimber 2003 en miend, dat der gjin foarkarsbelied foar advertinsjetaal út op te meitsjen wêze soe, en dat in amtner de taal mar foar it útsykjen hawwe soe. B. en w. wynden foar de ferantwurdlikens wei en ferskûlen har efter in amtner. Se hawwe dat sútrige taalplan net goed lêzen.

Ik hie lêsten de gloednige haadofsier, frou mr. Van Bronsvort, skreaun.⁸

It gemeentehûs, it kolleezje en de amtnerij binne der foar de mienskip, foar de minsken, en net oarsom. Yn it gefal dêr't ik it oer haw, gie de plicht fan 'folgjend taalgedrach' foar it (ûnderstelde) rjocht fan de amtner op in advertinsjetekst yn Jeh. Fryswyk syn 'taal fan de lytse ûnderdrukking'.

By de gong nei it grêf paste gjin advertinsje yn de iiskâlde taal fan wetten en oarderingen, dêr pasten allinnich mar wurden fan meilibjen en waarmte by yn de taal fan minsken, yn de folkstaal.

'Wa't in oar te plak set, wint lang om let mear tank as ien dy't flaaiket mei in glêde tonge'. (Spreuken 28 : 23) Ik wachtsje mar ôf."

⁸Foar it earst yn myn eintsje libben kaam in gearkomstefoarsitter mei de klompen yn it spul. Rûnom koe ik myn 5 minuten folprate, mar diskears yn Menaam net. It sin stie de boargemaster fansels net al te goed, dat se brûkte har macht. Dy iene sin oer myn skriuwen oan mr. Van Bronsvort soe thúshearre yn algemiene skôgings, net yn in ynspraak. De trije, net mear útsprutsen sinnen wiene: "De haadofsier hie weet fan it fatsoen fan folgjend taalgedrach. En de leden fan it âlde kolleezje? Hoe lang wennen dy hjir al?"

⁹De FNP-fraksje hie ik de ynspraaktekst oars tefoaren tastjoerd. De partij like net mear te wêzen wat er west hie.

Boargemaster seit alle kearen fan 'dank u wel' as immen har of syn sprek sein hat. Yn myn gefal koe ik fuort sizze, dat ik har tank sá gau net ferwachte hie. Oars altyd op it wurd beret, hie se diskears gjin werwurd.

En de kommisjeleden? De folkfertsjintwurdigers fan PvdA, GL en FNP holden har deastil.⁹ Fan de kant fan de politisy fan CDA, GBM en VVD kamen wat opmerkings. Dat mocht oars hielendal net, mar de foarsitter liet it gewurde. (It karbrief hat it allinne mar oer fragen, net oer opmerkings.) De earder machthawwende en tsjintwurdich machteleaze oanfierder fan de aardich belytse GBM-fraksje sei, dat er de ferstoarne kennen hie. Hysels, man út de ûnderste kaste fan riedsleden, naam syn trekken waar om in âlde rekken te fereffenjen. Hy rôp: "Skandalich, trijeris skandalich!" De kommisje waard der oars noch oars fan. De man sjit alle kearen dat er it wurd 'Frysk' heart 'yn de stress'. Boargemaster, wer wat bykommen, woe my net op 'e opmerkings yngean litte: opmerkings wiene ommers gjin fragen.

B. en w. wiene op 'e doele mei har 'gjin foarkarstaalbelied'. Foarop stie it prinsipe fan 'folgjend taalgedrach'. (Taalplan fan desimber 2003) Dêrneffens hie de advertinsje yn de folkstaal skreaun wurde moatten. En hiene de amtners oare drokten, dan hie it in putsje west foar boargemaster of wethâlder. It fatsoen hie syn gerak

hearre te krijen, mar hie it net krigen.

De boargemaster wie as iennichste lid fan it kolleezje nei it nije oergien en feitliken waard yn de kommisjegearkomste net it âlde bestjoer op it har spit lein, mar de bestjoersfoarsitter: hjá krige it leksum opsein, hjá hie bydroegen ta destabilisaasje en ûnderwrotten fan ús mienskip. Frysk-nasjonaal woe lykwols syn rolle as hoeder fan folk en gea net spylje, Frysk-nasjonaal liet it oan in oar oer om de boargemaster te

richeljen.

Yn de gearkomste fan 20 july rekke de boargemaster yn 'e knipe. Yn de advertinsjesaak wie hja partij, as gearkomstefoarsitter stie se dêrbûten. It kóe net goed gean en it gie ferkeard: mear as ien kear hold de boargemaster as foarsitter de kant fan de boargemaster as partij. It oerienkomstige yn de rjochtseale - sittingsfoarsitter yn eigen saak - is folslein ûnmooglik.

FERSESKRIUWERIJ IS FOAR JELLE ZWART IN UTDAGING

Op 6 septimber waard Jelle Zwart fan Snits tachtich jier. Twa moanne foar syn tachtichste debútearre er as dichter mei de mânske bondel 'Sân skeppen sâlt', dy't troch útjouwerij 'Frysk en Frij' op 'e merk brocht waard. In jier as wat lyn sette er syn earste fers op papier en hy krige de smaak fan dichtsjen te pakken. In petear mei dizze ferrassende debutant.

Jan Jongsma

Jelle Zwart is in omkesizzer fan de yn 1983 ferstoarne Wouter Zwart, yn Fryske rûnten tige bekend. Hy wie ûnder oaren foarsitter fan de Jongfryske Mienskip. Syn frou, Pyt Zwart-Ratsma, hat jierrenlang it âldste lid fan de Jongfryske Mienskip west. Sy kaam op 26 augustus 2005 op 105-jierrige leeftiid te ferstjerren. Mei respekt praat Jelle Zwart oer syn omke en muoike. Oan dy lêste hat er yn bondel twa fersen wijd. "Se learden elkoar kennen yn de tweintiger jierren. Ik neam dy jierren wolris de 'roaring twenties'. Omke Wouter wie tige aktyf op it Fryske mêd. Hy hie in platte motor, in 'Wanderer', en dêr fleach er hiel wat mei ôf. Se hiene altiten fan dy noflike gearsitten. Yn dy tiid siet der

nochris 'schwung' yn. Ik tink dan ek oan in man as Douwe Kalma."

Jelle Zwart waard op 6 septimber 1926 berne yn Ljouwert. "Nei seis wike hie 'k dêr al myn nocht. Heit waard doe notaris yn Dokkum." Dêr groeide er op en brocht der de oarlochsjierrren troch. Nei de oarloch gong er as soldaat nei Ynje en hy kaam yn 1949 werom.

Stúdzje yn Grins

Nei syn Ynje-tiid gong er nei de Grinzer universiteit. "Ik soe dûmny wurde, mar tidens de stúdzje teology feroaren de plannen. Ik rekke ûnder de tsjoen fan de kolleezjes fan de sosjoloog professor Bouma en bin doe oerstapt op de stúdzje sosjology. Yn 1960 bin ik ôfstudearre as sosjoloog. Dat wie al wat let, mar dat

kaam om't ik al in baan hie."

Yn 1954 troude Jelle Zwart mei stienhouwersdochter Elisabeth de Vries út Bûtenpost. "It wie ien fan de earste studintehouliken. De earste twa jier fan ús trouwen hawwe wy yn de stêd Grins wenne en dêr trije huzen fersliten. Doe binne wy nei Peize ferhuze en ik wie dêr ien fan de earste forinzen. Ik krige yn 1956 in baan en waard earste sosjoloog by it Provinsjaal Opbou-orgaan yn Grins."

Werom nei Fryslân

Tolve jier hawwe de Zwarts yn Peize wenne. Jelle gong dêr de polityk yn en waard gemeenteriedslid foar de PvdA en al gau fraksjefoarsitter. Yn 1968 ferhuze de húshâlding nei Fryslân. "Ik waard haad fan it Buro Fryslân fan it ministearje fan Kultuer, Rekreaasje en Maatskiplik wurk en de lettere opfolgers fan dat ministearje. Wy kamen yn Ljouwert te wenjen en hawwe it dêr sân jier úthâlden. Doe koene wy de âlde pastorije yn Deinum keapje. Dêr hawwe wy in prachtige tiid hân."

Oant 1988 hat Jelle Zwart dy baan hân. Yn dat jier wiene der allegearre feroarings by it ministearje en hy liet it wurk oan jongere opfolgers oer. "Ik wie doe 62 jier en wol VUT-gerjochte en mar noch net VUT-ryp. Ik ha doe noch twa jier wurke foar de Direksje Jeugdsaken fan it ministearje. Ik waard konsulint foar projekten foar it koördinearre jongereinwurk. Ik wie stypjend en advisearjend dwaande. Sa'n stypjende rol lei my folle better as in ynspekterjende."

It jier 1988 wie net allinne it earste jier fan syn lêste baan, mar ek it jier dat er ferhuze fan Deinum nei Snits. "Hoewol't wy yn Deinum in prachtige tiid hân hawwe, lei Snits foar myn nije

baan dochs wat sintraler. Ik moast faak troch it hiele lân reizgje, mar ik woe perfoarst yn Fryslân bliuwe. Wy kochten in hûs oan de dr. Obe Postmastrjitte mei sicht op 'e Frjentsjerterfeart. Wy wenje der noch altiten mei in soad nocht."

Harmonieus libben

Oer syn wurksame libben seit de krasse tachtiger: "Ik sis altiten: ik ha de moaiste rotbanen hân, dy't der binne. Ik ha noait sollisiteard yn myn libben. Se hawwe my altiten frege foar in baan. Dat wie yn dy tiid sa. Hjoeddedei kinne jo as sosjoloog net sa maklik mear oan in baan komme."

Hoewol't er de kâns hie op in goede baan op it ministearje, is er Fryslân altiten trou bleaun. "Ik bin bewust yn Fryslân bleaun. Wy wennen moai yn Deinum en letter yn Snits. Ik haw altiten fan in harmonieus libben hâlden: ik woe net allinne funksjonearje yn myn wurk, mar ek yn de mienskip en myn húshâlding."

Bestjoerlik hat Jelle Zwart dan ek it nedige út 'e wei set. Sa siet er yn it deistige bestjoer fan de Fryske Akademy, wie foarsitter fan de Folkshegeskoalle 'Schylgeralân', siet yn it bestjoer fan it Frysk Festival en wie bestjoerslid fan it Koördinearre Aldereinwurk.

It Frysk hat foar him altiten wichtich west. "As jo folweardich libje wolle, dan spilet jo taal in rol. De taalkultuer is wichtich foar in minske. It earste dat in minske foar kommunikaasje brûkt, is taal. Ik fyn dat ús taal ek sa goed mooglik brûkt wurde moat. Dêr soene se by Omrop Fryslân ek better om tinke moatte. Hoe't dêr de tiidwurden faak yn 'e ferkearde folchoarder - de Hollânske folchoarder

- brûkt wurde, is net moai mear. It docht jo gewoan sear as jo it hearre. It klinkt my yn alle gefallen as grou yn 'e earen."

Kréatyf dwaande

De ôfrûne jierren hat Jelle Zwart him hielendal talein op it skriuwen fan fersen. Mar net hy is allinne kréatyf dwaande, ek syn frou Betty. Doe't hy noch yn Ynje siet, folge sy in oplieding foar jongerein- en ûntwikkelingswurk. "Sy hie al in rydbewiis, foardat ik it hie. Njonken har baan hat se har altiten dwaande hâlden mei muzyk en dat docht se noch. Sy is gesel fan it Nederlânske Pijpersgilde. Se spilet cello en is lid fan muzykselskip 'Andante' yn Boalsert. Al jierren makket se sels bamboefluiten."

Om sels ek kréatyf oan de slachte kinnen joech Jelle him seis jier lyn op as dielnimmer oan in poëzij-kursus fan it Letterkundich Museum, no TRE-SOAR. En noch altiten folget er dy kursus. "It earste jier hiene wy les fan Remko Ekkers út Grins en dêrnei twa jier fan dichteresse Albertina Soepboer. No sit ik al foar it tredde jier yn in ploech ûnder lieding fan Tsjêbbe Hettinga. Alle kearen genietsje ik wer fan dy gearkomsten. It aardige foar my is: ik hoech net mear. Ik ha myn karriêre al efter de rêch. Ik mei dit dwaan en ha der och sa'n nocht oan."

Utdaging

"Ik ha de kursussen folge mei ûnder oaren Elmar en Remco Kuiper, Klaas Feenstra, Anneke Gerbrandy en Sita Wijngaarden. Ik bin yn 'e besnijing rekke fan it wurk fan benammen de jonge dichters. It foardiel fan sa'n kursus is, dat jo yn de lijn bliuwe fan 'e jongerein om oer saken nei te tinken.

Yn de fersen fan de jongelju moatte jo jo ferdjipje, foardat de fûnk oerslacht. Wat dy Elmar en de oare jongelju skriuwe, sjoch ik as in útdaging. It serieuze fan myn dichtsjen is begûn mei de kursussen. Ik koe altiten wol in aardich Sinteklazegedicht skriuwe, mar echt dichtsje? Nee! No sit ik der fol fan. Jo moatte altiten in útdaging yn it libben hawwe. De spanning moat der yn bliuwe. Sa sit it mei it dichtsjen ek."

Yn it kader fan syn kursussen skreau Zwart regelmjittich in gedicht. Yn 2004 stjoerde er in fers yn foar de Rely Jorritsma-priisfraach en ta syn grutte fernuvering wûn er in priis. "Dat wie hiel ûnferwachts. Ik hie sleauwei wat ynstjoerd, ek yn ferbân mei de kursus."

Dêrnei kaam alles yn in streamfersnelling. Sûnt 2004 ferskynden der fersen fan him yn de Fryske Skriuwerskalinder en it literêre tydskrift 'Hjir'. Ek publisearre er fersen yn 'Jierboek Farsk'. "Mei dy fersen hat Abe de Vries my tige stipe."

Yn july brocht útjouwerij 'Frysk en Frij' syn debútbondel 'Sân skeppen sâlt' op 'e merk. It waard daliks in mânske bondel mei mar leafst hûndert fersen. "Ik bin in soad tank ferskuldige oan Goasse Brouwer. Hy hat my ôfgrysluk holpen. De hiele bondel bestiet út fersen, dy't ik de lêste pear jier skreaun ha."

Wat de fersfoarmen oanbelanget befettet 'Sân skeppen sâlt' in soad ferskaat: fan it strakke sonnet oant en mei it frije fers. Regelmjittich skriuwt er fersen, soms in pear yn ien wike. "Ik sit alle jûnen efkes boppe om wat op te skriuwen, al is it mar om in komma of in punt oan te bringen."

'Sân skeppen sâlt' is al útferkocht.

Hy twifelet om der in twadde printinge fan útkomme te litten. "Ik wol ek net hawwe, dat de útjouwer mei in soad bondels sitten bliuwt. Miskien soe it better wêze om nochris in folslein nije bondel út te bringen," seit er foarsichtich. "As it de muoite wurdich is fansels. Ik ha al wer hiel wat fersen lizzen. Ik piel moai wat

troch."

Oer syn dichtsjen seit er by einbeslút: "Sa doch ik dochs noch wat foar ús Fryske taal, al is it fansels mar hiel beskieden."

Dit artikel slút ik ôf mei twa fersen, dy't er oer syn muoike Pyt Zwart-Ratsma skreau.

JONGFRIEZINNE - Pyt Zwart-Ratsma (1900-2005)

*Har herteklop
koe al salang
de wize
fan 't ferline
de sang
dy't sy dan song.*

*Noch klinkt
yn simmertiid
har stim
bylâns it wetter
fan 'e âlde krite
de rop dy't gong.*

*Hoe tichteby
stie har 't eartiids
yn it fannijs
as goed belibjen
in flam dy't baarnt
yn skimerstân.*

*Dy't ljocht skonk,
te ferdragen.
Fêst wie har hân
om jo te
skraagjen.*

DE FIERE REIS

*De eagen dêr't yn ferline
takomst wie, dy't tiid seagen
as in dragend byld nei
fier de kimen, wêrefter
it fierderop, sy ferblikke.*

*Wurde ta twa besleine
spiegels sûnder ljocht.
Gjin sprekken mear fan it
boadskip dat in libben
jong ta sjongen brocht.*

*Sicht giet no iensum paad,
op 'e siik nei 't fierder fier
dat inkeld is de eigen tiid.
It doe, in stil geheim, glês
ynkeard mei gjin spiegeling.*

*Bytiden wurdt in eigen lûd
fan bûtenôf ferstien, licht
fonket jit andert op dat hiem,
âlde kunde talit yn dy oare
wrâld, lange fiere jierren lyn.*

*Fûgel dy't har ta deagean jout
gelyk, giet sa it lûd ferlern,
slacht net mear de wjukken út,
skûlet tebek, oant by de mar,
it reewillich plak, de bernetiid.*

Jelle Zwart.

(Ut: 'Sân skeppen sâlt', 2006)

1. By de olympyske wedstriden fan 2004 yn Athene wiene ek boksen, taekwondo, frij wrakseljen en wrakseljen sa't de âlde Griken en Romeinen it diene. Der wie wat mei de winders.
2. By it balskoppen yn Grut-Brittanje wûnen Manchester United, Arsenal en Liverpool yn de lêste tweintich, tritich jier mear wedstriden as de oare ploegen. Mei de trije alvetallen wie wat.
3. By de Jeropeeske kampioenskippen balskoppen fan 2004 yn Portugal wie der ek wat mei guon ploegen dy't better spilen as de oare.

Yn Grut-Brittanje wie it de lju fan wittenskip opfallen, dat de winders wat mienskiplik hiene. Se hawwe dêr yn 'Nature' oer publisearre: de bêste sportlju hiene deselde kleur klean oan (!) Yn har artikel leine se út, dat read de kleur wie fan driigjen en oanfallen, fan fijannigens en útllokjen fan striid en dêr troch de tsjinstanners min oankommen wêze soe.

De wittenskip stiet net stil, it iene ûndersyk jaget it oare. It is in spultsje fan 'publish or perish', fan publisearjen of fergean. De ûndersikers fan 'read wint' geane no nei, oft troch de reade klean de testosteronproduksje by de winders oprint of by de ferliezers sakket. (FD en LC 19-5-2005, side 1) Dat rint fansels op in nije publikaasje út.

It soe foar politike partijen de muoite wurdich wêze om it artikel yn 'Nature' te lêzen. Wat in omset takomme jier, as de kandidaat-steateden fan it - oars sa griene - CDA yn fjoerreade mantels en jassen, jurken en pakken op stimmejacht gean soene, dea-ûnwennich fan it har sa dierbere grien, mar wis fan de ferkiezingswinst.

De lêzers kinne de partijen mar better net fan de kleurferoaring fan de kristendemokraten ferhelje. As se allegearre har kandidaten alhiel yn it read de dyk opstjoere, rekket it ferkiezingssirkus yn dusoarder: de kiezers sjogge gjin ûnderskie mear tusken de partijen, tusken bygelyks de oars sa blauwe VVD en giele FGF en se helje de partijen trochinoar, bygelyks de oars sa nasjonale FNP en ynternasjonale PvdA. Fan gefolgen soene alle partijen likernôch likefolle steateden krije. De soe oars wer ris wat oars wêze.

*De Kommissaris drs. E.H.T.M. Nijpels
De Boargemaster G.J. Kuiper
De Boargemaster A.A.M. Brok*

Heechachtbere Kommissaris, tige achtbere Boargemasters,

De Ljouwerter hie it der net oer, it Deiblêd wol: de sechstjinde fan septimber noegen jimme de buorlju op 'e kofje. Hokker merk? Wy hawwe ús Douwe Eiberts fansels, wy hawwe ús Trije Mollen, wy hawwe ... Lang ferlyn wie it fan 'Koop Nederlands Fabrikaat' yn Hollân. Yn it gefal dêr't it no om te rêden wie, komt dat del op kofje fan De Jouwer, of kofje fan Boalsert, of Dokkumer kofje, tink.

Mar wêrom der net foar út te kommen, dat jimme 'de kofje brún hawwe'? Alleman en wrâld kin dat wol lêze, dat 'de kofje is brún' - en oars 'de kofje stiet klear', as jimme sa wolle. Fansels, jimme hawwe it doarplaatsje fergees krigen, en oars as miggen slacht men yn dit lân net ôf.

Elk fan jim trijen hat weet fan de nije taalnota 'better sichtber, mear fertroud'. Jimme hiene dêr aldermaklikst in lytse bydrage ta leverje kinnen: sels in kofjeplaatsje meitsje litte of oars de lânstalige kofjetekst op in moai stikje papier skriuwe en dat op 'e foardoar plakt. Neat liket my tefolle ta foar har dy't it bêste foarhawwe mei minsken, mienskip en maatskippij.

Mei Bitgummoolster achtinge.

(Dit stikje is skreaun nei oanlieding fan it berjochtsje yn it Friesch Dagblad fan 7 septimber 2006 mei as kop 'Nijpels, Kuiper en Brok heten hun burenen welkom'. Op harren doar hiene se in buordsje oanbrocht mei de tekst: 'De kofje staat klaar'.)

Yn it septimbernûmer siet in strypke ynsletten foar dy leden en lêzers, dy't noch net foar it jier 2006 betelle hiene. In fiks tal makken it ledejild (€7,50) of it lêzersjild (€5) sûnt dy tiid oer. Fan guon kaam noch neat binnen. Foar harren sit yn dit nûmer opnij in strypke mei it fersyk om te beteljen.

'Lyts Frisia' komt fjouwer kear jiers út. Dat is fansels wol

ôfhinklik fan foldwaande kopij. Wy roppe ús leden en lêzers dan ek op om ris in stikje te skriuwen. Wy tinke benammen oan artikeltsjes op it mêd fan taalkunde, literatuer, Frysk ûnderwiis, Fryske skiednis en Fryske striid. Foar it maartnûmer moatte de bydragen binnen wêze foar 15 jannewaris. Kopij opstjoere nei: Redaksje 'Lyts Frisia', Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV BURGUM. Foar ynformaasje: tel. 0511-463869.